

Foar sneon **4 novimber 2023** hat de programmakommisje it duo Dries Woudstra (gitaar en sang) en Dictus Hoogsteen (sang en accordeon) fêstlein. Hja steane bekend as “Donkey Tandem”. In ezels twaspan. Mar net sa as by Fryske hynders, neist mekoar, mar as ezels efter mekoar (as by in tandem-fiets). Dit wurdt hâlden yn de Schalle te Nijeveen en begjint om 20.00 oere.

Der stiet noch folle mear op it programma. Mei it breamiel op **20 jannewaris 2024** !!! it begjint al in pear jier op’e middei !!! Ha wy Eeuwe de Vries út Aldtsjerk festlein. Hy wie de jongste toerrider út ‘e hel fan 1963 (Alve stêdentocht) en in smoute ferteller. It breamiel fynt plak yn de Fermanje te Meppel en begjint om trije oere.

16 maart 2024 is de Jiergearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Utens en is oanslútend it Jubileumfeest fan de Fryske Krite “Waling Dijkstra” te Meppel. Yn elts gefal komt dan Pieter Wilkens.